

SNERTTOCHT

Op 26 jannewaris II. waard dit jier de snerttocht holden yn Goaiïngaryp. Dizze kear wer oars fan opset as oars.

Der wiene goed 80 minsken dy't de tocht rûn hawwe. Fierder wiene der noch in protte Goaiïngarypstere yn 't spier dy't yn it komplot sieten. De jûn begûn mei in life-konsert troch it Snertkwartet, besteande út Johannes van der Wal, Fred Veenstra, Henk Kreule en Willem Feenstra. Dy mannen kinne sjonge!

De rûte DOCH die by de buorkerij fan Van der Kooij del foar teamsputtsjes mei Otto Agricola, sy krigen by Ineke Bloemers yn de Bloemerstee in wurkwinkel folksdûnsjen fan de skotsploech út Snits mei Bettie Agricola as helpende hân. Der sit hjir in protte dûnstalint yn it doarp! En dêrnei folge in pubkwis by Rob Rieder en Herbert Nijp, mei fragen oer de skiednis fan it doarp. Wa wit krijt it in ferfolch mei in fytstocht troch de Legean yn de simmer.

De minsken dy't foar de rûte SJOCH keazen, hearden bij Lenie van der Wal sels skreaune fersen fan Corrie Toussaint, Corriet van Rossen en Willem Feenstra, wylst bûten in fers hong fan Froukje Dam. Dizze fjouwer poëten hiene earder in miny-kursus poëzyskriuwen folge yn it Foarhûs. Elk fers waard ôfwiksele mei fragminten filmmuzyk fan Yvonne Burgers op de dwersfluit.

Nei de fersen en de muzyk gong de rûte nei it Slúswachtershúske, skraal ferljochte mei lytse waksineljochtsjes, dêr 't in spannende thriller foarlêzen waard oer in moard yn Goaiïngaryp, skreaun troch Paul van Geldorp. It boekje hat yn de ferkeap noch goed € 75 opsmitten, dat allegearre yn de kas fan pleatselik belang bedarre is.

Nei ôfrin fan de rûtes kaam elkenien werom yn de Klokkenstoel, dêr 't gasthear Ynze van Hoek de minsken traktearde op kofje en in geweldich lekkere kop snert. It siet dêr mar smûk. De jûn waard ôfsletten mei in stikje kabaret troch Bauke Minkes en Sjouke Klompmaker.

In protte foto's en filmkes fan ûnder oare ús doarpsfilmer Peter van Vliet binne de weet&deel-app oerflein en we seagen dat wy in moaie jûn hiene mei syn allen. De organisaasje betanket nochris elkenien foar syn ynset by it jaan fan de wurkwinkels en de besikers foar har opjefte. Foar ús wie 't in feest de krêft fan de mienskip te fielen en te dielen.

As lêste waarden de dielnimmers fan de snerttochtedysje 2020 út de hege hoed tsjoend. It binne: Hotze en Joukje Siesling, Marjolijn Roodenburg, Imkje Brink en Michel Burgers.

Wy litte ús ferrasse yn 2020,

Freonlik groetsjend,
jim snerttocht ploech fan 2019 Rob Rieder, Otto en Bettie Agricola, Herbert Nijp en Ciska Noordmans